

# Spulwike Nijs



Spulwike Littenseradiel 2018. 23 oan't en mei 27 july 2018. 16e jiergong.



## Fan de foarsitter Holle Bolle Tsjing!

'Grutsk', 'waarm' & 'mienskip' binne trije wurden dy't by my nei boppen takomme as ik oan de Spulwike fan 2018 werom tink. De middelste fan dizze trije wurden hoech ik tink ik net út te lizzen. Want dat it, tink ik, de waarmste Spulwike ea west hat, dêr binne wy it mei-inoar wol oer iens. De oerbleaune twa wurden wol ik jimme graach wat mear oer fertelle.

'Grutsk' bin ik op ús bern en frijwilligers dy't yn it earste plak ús evenemint de kleur jouwe sa as it bedoelt is. Grutsk bin ik dêrneist op it feit dat it, nettsjinsteande de weryndieling fan de gemeenten, slagge is om de Spulwike as noch te organisearjen. It wie in hiele útdaging, mar ik fyn dat wy as organisaasje hjir, troch mei-inoar de skouders derûnder te setten, sterker fan wurden binne. In moaie kroan op ús wurk wie dan ek it feit dat de Spulwike dit jier hielendal fol wie mei bern.

Sa'n protte bern en lieder, ferdield oer trije doarpen, is in hiele ferantwurdlikheid en ik bin der dan ek tige grutsk op dat it allegear sa slagje mei. Mei bygelyks wettertappunten, nije tinten foar wat ekstra skaad en hjir en dêr in oanpassing yn it programma koe ek dizze Spulwike, nettsjinsteande de waarmte, gewoan trochgean. It docht ús as organisaasje dan ek goed om yn en nei Spulwike sokke moaie reaksjes fan âlders op bygelyks Facebook te krijen. Tige tank dêrfoar, want jimme fertrouwe ús wol efkes jimme bern ta.

Dat Spulwike elts jier wer sa slagje mei is in direkt gefolch fan it wurd 'mienskip'. 'Mienskip' betsjut



foar de Spulwike elts jier wer de gastfrijheid yn de Spulwike-dorpen Easterwierrum, Easterlittens en Weidum. It betsjut dêrneist it grutte oantal stipers en Freonen dy't ús finansjeel en materieel stypje. 'Mienskip' is ek de frijwilligersploech dy't mei-inoar foar en yn de wike de Spulwike organisearret. Mar de moaiste manier om it stikje Spulwike-mienskip te ûnderskriuwen wie tink ik wol de tongersdei, doe't de haadlieding fan Weidum seach dat it efkes oars moast. Ut alle hoeken wei wie der help om de bern, sûnder dat hja noch langer hoegden te fytsen, wer yn Weidum te krijen. Boeren, âlders, haadlieders út oare doarpen en samar in ynwenner út in doarp holpen mei. Dat docht ús goed en lit tagelyk sjen dat, wannear't wy mei-inoar ien foar de bern binne, de Spulwike noch jierren trochgean kinne litte!

Bêste minsken, genietsje fan dizze krante. Ut namme fan de foltallige frijwilligersgroep sis ik tank oan elts dy't Spulwike 2018 mooglik makke hat. Ik winskje jimme allegearre noch in geweldige simmer ta en ik hoopje jimme takommend jier by alwer de 47e Spulwike te sjen!

Johannes Hazenberg  
Foarsitter Stichting Spulwike Littenseradiel



Spulwike 2018 is los yn Grutte Pierdum!

Side 2



Holle bolle healwize hulk!

Side 4



Waarmte is foar ús superhelden gjin probleem

Side 5



De lêste en waarmste dei yn Superwierrum

Side 7





# De earste dei fan de skoalfakânsje.. SPULWIKE!

Troch: Nies

Mei dit jier it tema: ‘Superhelden & Stripfigueren’ begjinne we de waarmste Spulwike ea! Mikrofoanduo “Sjerpman & Prinses Pûdersûker” stean de bern al op te wachtsjen yn de “Superstrip klub”. As alle bern op de tribune sitte klinkt ‘Holle

bolle tsjing’ troch it hiele doarp. Wannear de bern en harren lieder de tintsjes fûn ha, is it tiid foar it fervesmiten! Klodders fleane om en yn de earen. Fan top oant tien sitte we derûnder! As de ferve op is, geane we mei syn allen op de tribune sitten. En dan.. komt er in melding binnen yn de meldkeamer. Wat



blykt.. de Hulk is ûntfierd! Troch in speurtocht yn it doarp kinne we oanwizingen fine om de Hulk wer werom te heljen. De bern komme der efter dat de Skurk fan Superwierrum de dieder is. Hoe moatte we de Hulk no rêde?

Miskien woldeskurkwol ruilje mei wat fan wearde. De kompjûter of it bêd? Nee, der moat Sjerpman noch yn sliepe. Miskien wolle de minsken yn it doarp ús wol helpe. De bern geane Superwierrum yn mei in teepûdsje en ruilje dit foar

de moaiste spullen. Nei in skoft ha we mei inoar in beste skat sammele. We belje de skurk om te freegjen of hy de skat ruilje wol foar de Hulk. No hjir moast er wol efkes in nachtsje oer sliepe. En wy ek. Moarn wer sa’n moaie dei!



## Wêr binne de lieder fan Easterlittix?

Troch: Stella en Ynke

Holle bolle tsjing klomk wer lûd oer it fjild. Spulwike is wer los: bern, lieder, sinne, blauwe drek, ferve en in protte ranja! It wie moai waar en de bern wienen toarstich, hiel toarstich!

Se hawwe nammentlik wol tolve molkbussen fol mei ranja opdrongen. Oan it begjin fan de dei sieten de 240 bern yn de kring sûnder lieder, mei in ferdwaalde Asterix en Obelix. Mar lokkich wienen dêr Superman en Superwoman



want Asterix en Obelix snapt der mar neat fan! Wêr wienen se no bedarre, en wat is Spulwike presys? Lokkich wienen der superbern om sjen te litten en út te lizzen wat Spulwike is. Doe moasten we noch op syk nei de lieder. Nei

is dizze Superbern slagge! En wat is Spulwike sûnder spultsjes? Foar hjoed stie der libjend bingo en in soad wetterspultsjes op it programma. Dêr’t de ien hiel fanatyk de spultsjes dwaan woe, lei de oar leaver de hiele dei yn ‘e feart of it swimbad. De bern hoegden de feart mar te rûken en se leinen der al yn. Roppe, raze en wetter happe.



in soad roppen en razen, kaam der in polonêze fan lieder oan. It wie in hiele put om de goeie lieder by it jûste groepke te krijen. Mar it

Koartsein: it wie in super-slagge superbegjin fan dizze Superspulwike!

## Spulwike 2018 is los yn Grutte Pierdum!

Troch Welmoed en Marije:

De lieding en de bern wiene om healwei tsienen al hielendal klear foar in machtich moaie wike yn ‘e Arena! Moarns binne earst de groepkes bekend makke en ha de bern harren lieder en elkoar

kinnen leart. Ek stie der in grutte kist yn ‘e arena foar de winner fan Spulwike 2018. Dizze kist is spitigernôch oan it ein fan de moarn stellen troch in dief en de fraach wie dan ek: wa hat dizze kist stellen? Om tsien oere starten we mei

de spultsjes op it keatsfjild. Diamantenroof, in quiz, blindemansestafette en wetterspultsjes stienen ûnder oaren op it programma. De bern wiene bloed fanatyk en ha harren stjonkende best dien, want mei elts spultsje koene punten fertsjinne wurde



dy’t oan it ein fan ‘e dei werom te finen wiene op it skoareboerd. Nei dizze spultsjes ha de bern harren tinte opboud en it fervesmiten mocht fansels ek net ûntbrekke. As lêste stie der in foksejacht op it programma. Troch hiel grutte Pierdum wienen ferklaaide foksen ferstoppe. By elke foks koene de bern yn ruil foar in

spultsje in letter fertsjinje. Dizze letters foarmden it antwurd op de fraach wa’t de kist fol mei prizen stellen hat. De bern fûnen it machtich en ek as lieding sjogge wy werom op in fantastyske earste dei. Wy ha sin oan de survival dy’t tiisdei op it programma stiet fan Grutte Pierdum!





# DE SPULWIKE STIPERS FAN 2018

**A.C.R.**  
[www.acrwinsum.nl](http://www.acrwinsum.nl)  
Winsum 0517-341556

**Administratiekantoor  
G. van Putten**  
[www.gervanputten.nl](http://www.gervanputten.nl)  
Kûbaard 0515-331919

**Altis**  
[www.altis-bv.nl](http://www.altis-bv.nl)  
Wiuwert 058-2501545

**Architectenbureau  
Syb C. Eldering B.V.**  
[www.sybeldering.nl](http://www.sybeldering.nl)  
Mantgum 058-2501819

**Audio Frysk / DAT  
Tekstbureau**  
[www.audiofrysk.nl](http://www.audiofrysk.nl)  
Easterwierrum 058-2501465

**Autobedrijf Haaima**  
[www.autohaaima.nl](http://www.autohaaima.nl)  
Ljouwert

**Autobedrijf Sypersma**  
[www.autobedrijf-sypersma.nl](http://www.autobedrijf-sypersma.nl)  
Easterwierrum 058-2501215

**Autobedrijf Wielinga  
Brand Oil Tankstation**  
[www.wielinga-wommels.nl](http://www.wielinga-wommels.nl)  
Wommels 0515-332876

**Autofirst Menno Walinga**  
[www.autofit-mennowalinga.nl](http://www.autofit-mennowalinga.nl)  
Winsum 0517-342349

**Automotive Ronald Morien**  
[www.ronald-morien.nl](http://www.ronald-morien.nl)  
Wiuwert 058-2501444

**Autoverkoopbedrijf  
Van der Wal**  
[www.autoverkoopbedrijf.nl](http://www.autoverkoopbedrijf.nl)  
Wommels 0515-332800

**B&O Bandenservice**  
[www.benobandenservice.nl](http://www.benobandenservice.nl)  
Bolsward 0515-577755

**BECS Tentverhuur**  
Wommels 06-18553797

**Bedrijven Centrum  
Weidum**  
[bcweidum.nl](http://bcweidum.nl)  
06-25571618

**Bergsma Bouwservice**  
Wjelsryp 06-22740359

**Boerencamping de  
Swetteblom**  
[www.swetteblom.nl](http://www.swetteblom.nl)  
Bears 058-251 94 85

**Bouw- en Restauratiebedrijf  
Sytse Douwe van der Vegt**  
[www.sdvandervegt.nl](http://www.sdvandervegt.nl)  
Weidum 058-2519247

**Bouwbedrijf Andree**  
[www.bouwbedrijfandree.nl](http://www.bouwbedrijfandree.nl)  
Boazum 0515-520984

**Bouwbedrijf Bootsma**  
[www.bouwbedrijfbootsma.nl](http://www.bouwbedrijfbootsma.nl)  
Easterwierrum 058-2501325

**Bouwbedrijf N. Scharringa**  
[www.bouwbedrijfscharringa.nl](http://www.bouwbedrijfscharringa.nl)  
Wjelsryp 0517-342806

**Bouwbedrijf  
Van der Sloot**  
[www.bouwbedrijfvdsloot.nl](http://www.bouwbedrijfvdsloot.nl)  
Winsum 0517-341630

**Brandenburgh  
Administratie & Advieskantoor**  
[www.brandenburghadm.nl](http://www.brandenburghadm.nl)  
Easterwierrum 058-2501628

**Brouwer Schilders  
brouwers-schilders.nl**  
Wommels 06-51404069

**Bouwbedrijf Frankena  
www.frankenabouw.nl**  
Wommels 0515-331263

**B. Wiersma  
Koelwagenverhuur**  
Itens 0515-332198

**Bos Mechanisatie**  
[www.bosmech.nl](http://www.bosmech.nl)  
Easterein 0515-332125

**Camping de Finne**  
[www.campingdefinne.nl](http://www.campingdefinne.nl)  
Reahûs 0515-331218

**Camping Passantenhaven  
It-Kruswetter**  
[www.it-kruswetter.nl](http://www.it-kruswetter.nl)  
Easterlittens 0517-341040

**Couperus Hydrauliek B.V.**  
[www.couperushydrauliek.nl](http://www.couperushydrauliek.nl)  
Easterein 0515-332288

**Coop Supermarkt  
Tolsma**  
[www.coop.nl](http://www.coop.nl)  
Winsum 0517-341669

**Cafe Wiuwert**  
Wiuwert 058-2501372

**D. Kuipers Mechanisatie**  
[www.dkuipers.nl](http://www.dkuipers.nl)  
Wytmarsum 0517-533030

**Dierenartspraktijk  
It Griene Hert**  
[www.itgrienehert.nl](http://www.itgrienehert.nl)  
Wommels 0515-331387

**De Gaardenier**  
[tuincentrumgaardenier.nl](http://tuincentrumgaardenier.nl)  
Wommels 0515-332900

**Dorant Installatiewerk**  
Weidum 06-53579103

**De Tsjettel**  
Winsum 06-52698478

**Doarpsbelang  
Easterwierrum**

**Doarpshûs MFC 'De Tysker'**  
Easterwierrum

**D. Bouma montage**  
Easterlittens 06-48704042

**Doarpshûs Weidum**

**Doarpshûs MFC 'De Jister'**  
Easterlittens

**Elephant Offroad  
Equipment**  
[elephantoffroad.nl](http://elephantoffroad.nl)  
Easterein 0515-331250

**Eetcafe de Trilker**  
[detrilker.nl](http://detrilker.nl)  
Poppenwier 0566-602041

**Echte Bakker Posthuma**  
Wommels, Bolsward,  
Sneek, Scharnegoutum  
[www.echtebakkerposthuma.nl](http://www.echtebakkerposthuma.nl)

**Frankena  
Loonbedrijf en Grondverzet**  
[www.frankenawinsum.nl](http://www.frankenawinsum.nl)  
Winsum 0517-341681

**Fysiotherapie  
Jelle Sybesma**  
[www.jellesybesma.nl](http://www.jellesybesma.nl)  
Mantgum

**Fanfare Orkest Ons Ideaal**  
Easterwierrum

**Fokkema Farming**  
Slappeterp 0518-451559

**Gerbrandy State B&B  
Groeps Accommodatie**  
[www.gerbrandy-state.nl](http://www.gerbrandy-state.nl)  
Boazum 0515-521110

**Gezondheidscentrum  
GJ Fokkens**  
[www.gezondheidscentrumfokkens.nl](http://www.gezondheidscentrumfokkens.nl)

**Gosse Derk Bouw**  
[www.gossederkbouw.nl](http://www.gossederkbouw.nl)  
Easterlittens 06-52173624

**Grasman  
Onderhoudsbedrijf**  
Boazum 06-20805443

**Greidanus  
Mechanisatie Winsum**  
[www.greidanuswinsum.nl](http://www.greidanuswinsum.nl)  
Winsum 0517-341347

**Gebr. Vellinga B.V.  
Int. Handels- & Transportbedrijf**  
[www.gebrvellinga.nl](http://www.gebrvellinga.nl)  
Easterein 0515-331565

**Gebr. Swierstra VOF,  
Tuinaanleg en Loonwerk**  
[www.gebswierstra.nl](http://www.gebswierstra.nl)  
Weidum 06-23102848

**H.B. Bergwerff  
Apotheekhoudend Huisarts**  
Baard 0517-341272

**Hankel's technisch bedrijf**  
[www.hankels.nl](http://www.hankels.nl)  
Wommels 0515-333800

**HBW Montage**  
[www.hbwmontage.nl](http://www.hbwmontage.nl)  
Baaium 06-55564574

**Henk de Boer  
Melktechniek**  
[www.henkdeboermelktechniek.nl](http://www.henkdeboermelktechniek.nl)  
Jellum 058-2519488

**Hessel's  
Toiletwagenverhuur**  
[www.hesselstoiletverhuur.nl](http://www.hesselstoiletverhuur.nl)  
Stiens 058-2574539

**Holiday ice BV**  
[www.holidayice.nl](http://www.holidayice.nl)  
Sint Nyk 0513-433000

**Hoveniersbedrijf T. Melein**  
Easterwierrum  
058-2501568 /  
06-19692904

**Hylkema  
Hydrauliek service**  
Reahûs 06-53370044

**Handelsonderneming  
Bouwe Jan Bouma**  
Boazum 0515-521351

**HEMA Snits**  
[www.hema.nl](http://www.hema.nl)  
0515-572612

**H.J. Ontwerpt en voert uit**  
[www.hjontwerptenvoertuit.nl](http://www.hjontwerptenvoertuit.nl)  
Weidum 06-42079662

**Iisbaankeukens**  
[info@iisbaankeukens.nl](mailto:info@iisbaankeukens.nl)  
Wommels 06-51588066

**It Reade Hynder**  
[www.itreadehynder.nl](http://www.itreadehynder.nl)  
Wommels 0515-331224

Op hokker wize dan ek tige tank foar al jim stipe!





# Herrie yn Superwierrum!

Troch: Anke

De lêste dei fan Spulwike is oankaam foar de earste groep bern fan Superwierum. In dei dy't start mei in soad sinne en ferskes. Tagelyk is it ek in spannende dei: soe de skurk de skat ruilje wolle foar de hulk?! Sjerpman en Prinses Poeiersûker besykje de skurk te beljen, mar krije de

voicemail derfoar. Dan earst mar in ferfrissende dûk yn it swimbad. Dernei krije se fan de skurk te hearen dat hy net akkoard giet mei dizze skat. Neffens de skurk is it net genôch...

Prinses Poeiersûker, Sjerpman en de bern fine in beurs mei in ID-kaart fan de skurk! Mei dizze beurs sille we besykje de skurk te lokken, mar dan moat der earst in

finzenis bout wurde sadat we him ek opslute kinne. Underwilens de foksejacht yn it doarp kinne de bern by de foksen foar in spultsje of in opdracht in stok fertsjinje wer't wy de finzenis mei bouwe sille. Dernei is it earst tiid foar wat superkrêftbôle en -drinken. De bern kinne harren efkes opfrisse mei in dûk yn it swimbad of in rûntsje oer de búkglydsbaan. De lieder hawwe harren ûnderwilens tariede kinnen op it lieder tsjin lieder spul. Sy litte harren superkrêften sjen oan inoar en de bern. De bern stride hjirnei as groepkes tsjin inoar by de spultsjes op it fjild. Sjerpman, Prinses Poeiersûker en de bern ha betocht om de skurk te lokken mei syn beurs en him dan te fangen. Dêrfoar moatte wy ús wol wat tariede, dus we wurde yn 4 grutte groepen yndielt om



it folgjende te dwaan: in keep foar de lieder meitsje sadat die in superheld is; muzykynstruminten meitsje, want de skurk hâldt net fan lûd en muzyk; 10 tellen yn'e rimboe om de skurk te finen; in stoarmbaan om obstakels te trainen; sminke en in ferfgefocht om superhelden fan ússels te meitsjen. Dit allegear hat holpen, want de skurk wol graach syn beurs werom en wurdt fongen troch Sjerpman en de bern.

Tiid foar in beleaning: Pankoeke mei in iisko! Dernei

is it tiid foar de optocht. We litte ús yn it doarp goed sjen en heare troch alle ferskes dy't wy oefene ha lûd mei te sjongen. Nei de optocht wol de skurk noch hieltyd net fertelle wer't de hulk sit, mar dan heare wy gebonk op in doar. De hulk wurdt frijlitten troch Prinses Poedersûker en hy hat noch in ferrassing meinaam: foar alle bern in super moai fotolistje! Foar dizze bern sit dit aventoer der alwer op. It wie spannend, mar gelokkich is alles goed kommen!



# Holle bolle healwize Hulk!

Troch: Wiebe en Samanta

Holle bolle plons! We tikken hjoed alwer de 30 graden oan en giene der grif oerhinne... Dus de ranjafamkes hienen it wer drok, ek mei twa jonkjes út in groepke

dy't fereale bliken te wêzen op dizze twa superranjahelden... Oan it begjin fan de dei pakten we de reade tried wer op, mar ditkear wie it eins mear de griene tried! Want wa kaam dêr de boel fersteuren? Ynienen stie de



healwize Hulk tsjinoer Obelix, en dizze superhelden gienen toulûken om út te fjochtsjen wa't de sterkste fan beiden wie... Fansels wûn ús held Obelix it mei in grut gemak. Dizze wike moatte se spigtigernôch wer werom nei harren eigen strip, mar hoe dat komt, witte se noch net presys... Moarn mar wer even sjen oft dat slagget! Middeis stie der wer in machtich moai spul op it programma:

it pleatsespul, mei ûnder oare highlandgames en flotten bouwe, mar troch de waarmte foelen de aktiviteiten fan dizze middei letterlik in bytsje yn it wetter. We hawwe hearlik holle bolle plonst yn it wetter. Foar guon bern wie it sels de earste kear yn de plomp! Wêr't de Spulwike al net goed

foar is! Dernei makke de holle bolle Hulk syn rentree. Hy woe himsels revansearje mar dat slagge fansels net: ús Superbern hienen him al binnen inkelde mominten yn it bad smiten, hahaha! Goeie goeie goeie Hulk Hulk Hulk!



# Super XXXL Survival yn Grutte Pierdum

Troch: Hedwig en Marije

Op 'e nij in prachtige dei yn Grutte Pierdum. Op dizze dei fol sinne stie de survival op it programma. De ôfrûne wiken binne de sterke materiaalmanen drok yn it spier west om in moaie survivalroute mei útdaagjende obstakels te bouwen. Fierljeppe, fan it springkessen yn

de feart donderje, skâns glydzje, yn in bân rûndraaie mei in minikraan, oer de toubrêge klimme, op 'e evenwichtsbalk oer de feart en it glysterige flot trasearje, der wie genôch te dwaan om maksimaal fan de blauwe drek en it wetter te genietsjen. Net allinnich de bern, ek de foarsitter, de sekretaris en alle lieder hawwe de klean net drûch holden. Dêrneist



wiene de bern dan ek hast net mear út de feart wei te krijen. Neist dat de bern swart wienen fan de blauwe drek, wienen se tagelyk ek wyt fan de sinnebrân, want lyk as juster wie it hjoed wer prachtich moai waar. It ranja-team hie it dan ek wer smoardrok

om alle groepkes te foarsjen fan lekkere ranja. Wilens de survival binne de stimbannen ek net sparre, want de hiele dei waarden de Spulwike hits út folle boarst mei songen. As ôfsluting fan de dei ha we noch de langste polonêze ea makke yn de arena! Al my al sjogge wy wer werom op in machtich moaie dei en ha wy no al in hiel soad sin oan woansdei en de rest fan de wike!





# Waarmte is foar ús superhelden gjin probleem!

*Troch: Wietse en Marrichje (Sjerpman & Prinses Poeiersûker)*

Moandei en tiisdei binne alwer foarby en in nije dei brekt oan.. Fol ferwachting wachtsje wy op de bern yn 'e arena mar bekende kopkes sjogge wy net. Oh ja, even

skeakelje! Hoewol Sjerpman en Prinses Poeiersûker al twa dagen hân hawwe, begjint foar dizze 130 bern de Spulwike hjoed pas. Wy begjinne de dei mei in bult sinnebrân en Spulwikebier, want de waarmte hat ús yn 'e macht. Mar foar de bern makket it neat

út. Mei it wyt fan 'e sinnebrân noch om 'e kop komt der in brief binnen yn 'e meldkeamer. In skreau om help fan in ûnbekende. Fol spanning begjinne de bern oan it mystearje fan de ûntfierde superheld. It makket de bern allegear neat út, we moatte

en sille de superheld rêde! Mei de komst fan de skurk binne de bern net mear stil te hâlden. De ideeën om de Skurk op te pakken en de Hulk te rêden fleane ús om 'e earen. Mar it ein fan 'e dei komt hieltyd tichteby. In telefoantsje mei de skurk soarget derfoar dat de bern mei harren

hannen foar de mûle sitten te lûsterjen. De spanning is dúdlik fan de gesichten ôf te lêzen. En sa hat it waarme waar ús gjin minút yn it paad sitten en geane de bern fol adrenaline nei hús ta om de folgjende moarn sa gau mooglik wer nei Superwierrum te gean!



Sjerpman, wekker wurde jong! De bern binne der!



Mar Prinses Poeiersûker, dit binne dochs fiersten te folle bern, sa folle kinne wij noait mei syn twaën oan!



Mar Sjerpman, dan ferdiele we dochs gewoan alle bêrn yn groepkes, krije sy harren eigen lieder. Probleem oplost, High Five!

# Superwaarm yn Wommels!

*Troch: Wiebe*

Yn plak fan Easterlittix wie Wommels hjoed it dekôr fan de Spulwike Arena, dêr't it ferhaal fan de syktocht fan Asterix en Obelix fierder gie... en wêr wienen se no

wer belâne? Duckstad! Dêr kaam in hiel aparte ein oanwaggejen: Donald Duck! Asterix en Obelix hienen him noch nea earder sjoen en hienen eins wol nocht yn in lekker stikje eineboarst... Donald Duck wist net hoe gau't er út naie

moast. Uteinlik hawwe se frede slúten en koene de aktiviteiten foar alle bern begjinne.



De lunsj op it fjild wie dit kear tegearre mei in stien en stienkâlde dûs. Brânwachtman Feitse stie klear om eltsenien de kâlde rillingen te besoargjen mei syn somtiden ûnferwachte dûs. De bern kamen al gau op it idee om ek amers te brûken en sa de lieder hearlik te ferrassen... Doe't eltsenien ôfkuolle wie en de búkjes wer fol wienen wie it toppunt fan dizze dei hast oan-

brutsen: we gienen mei alle bern en lieder yn optocht nei swimbad De Klomp! Spater, spitter, spetter, eltsenien yn it wetter! Sels Donald Duck waard der al gau yn treaun... It gie wer need: de beruchte Spulwike-draaikolk kaam foarby, de "Links Rjochts-hit" en net te ferjitten in megabommetje fan hast 240 superbern tagelyk!

# Wetterwille yn Mantgum

*Troch: Laurens*

Woansdei, de wike is troch de midden. It wie in moaie (net te) waarme dei. 9:30 oere begjinne yn 'e arena en dêrnei op 'e fyts;

bestimming: Mantgum. It grutte Spulwike feest moast hjoed op trije lokaasjes plak fine; by Boer Fopma, by de Wjukken en as hichtepunt, by de frijwillige brânwacht fan Mantgum. Mei it

Spulwike tema Superhelden en Stripfiguren koe de brânwacht fansels net ûntbrekke. Dizze helden lieten ús sjen hoe 't se brannen blusse, slachtoffers opsykje yn

gebouwen fol mei smook en hoe 't die brânauto der no krekt fan binnen útsjocht. By boer fopma ha wy hiele aardige spultsjes dien sa as in

op tiid út te krijen, mar ach wat makket it út, it is Spulwike en dêr kin alles! Spitigernôch kaam der om healwei fjouweren ek wer in ein oan dizze dei. It wie in moaie waarme dei mei in bult wetter en ranja. De wike fleant foarby! Woansdei, de wike is troch midden



Zweedsloopspel en pictionary. It wie fansels wol aardich waarm, mar mei twa fantastyske ranjammen dy 't ús ryklik fan lekkere ranja fersoargen en mei genôch sinnebrân by de hân wie dit gjin probleem. Seker net wannear 't we hearlik swimme kinne yn 't wetter neist de Wjukken. It wie wat dreech om de bern der wer

Fynsto ek dat Spulwike bestean bliuwe moat?

Wurd "Freon fan Spulwike" en help ús om dizze machtige wike ek yn de takomst mooglik te meitsjen!



Gean nei [www.spulwike.frl](http://www.spulwike.frl) en klik yn it menu op "freonen".





# DE SPULWIKE STIPERS FAN 2018

|                                                                                                             |                                                                                                                |                                                                                              |                                                                                                            |                                                                                                   |
|-------------------------------------------------------------------------------------------------------------|----------------------------------------------------------------------------------------------------------------|----------------------------------------------------------------------------------------------|------------------------------------------------------------------------------------------------------------|---------------------------------------------------------------------------------------------------|
| <b>J. Noordmans Grondverzet</b><br>Wommels                                                                  | <b>JC Bouw</b><br>www.jcbouw.nl<br>Wjelsryp 0517-341284                                                        | <b>Jant Evenementen</b><br>www.jantvandijk.nl<br>Mantum 06-20494345                          | <b>Kapsalon Rommy</b><br>Weidum 058-2519049                                                                | <b>Kinderopvang ‘Bij Maaïke’</b><br>Weidum 058-2519841                                            |
| <b>Kinderopvang ‘Ons Plakky’</b><br>www.onsplakky.nl<br>Weidum 058-2159686                                  | <b>Klaas Wynia<br/>Timmerwerken</b><br>klaaswynia.nl<br>Easterlittens 06-81638683                              | <b>Klaversma Bouwbedrijf</b><br>www.klaversma.nl<br>Mantgum 058-2501619                      | <b>Klussenbedriuw “It Wiel”</b><br>www.itwiel.nl<br>Weidum 06-22385802                                     | <b>Kooistra Reizen</b><br>www.kooistrareizen.nl<br>Frentsjer                                      |
| <b>J.P. Walda Bouwsupport</b><br>Wjelsryp 06-52344044                                                       | <b>Logopedisch maatschap<br/>Kingma en Wijnstra</b><br>logopediefreisland.com<br>Mantgum 06-27064994           | <b>Loonbedrijf A.S.<br/>Greijdanus</b><br>greijdanus@gmail.com<br>Jellum 06-24680044         | <b>Loonbedrijf<br/>Rispen-Miedema</b><br>www.loonbedrijfripsen.nl<br>Itens 0515-331792                     | <b>Lyts kanaän</b><br>www.lytskanaan.nl<br>Mantgum 058-7110521                                    |
| <b>Modeschoenen Rutten</b><br>www.rutten4shoes.nl<br>Snits 0515-414584                                      | <b>mtsvici.nl</b><br>www.mtsvici.nl<br>Weidum 06-20290241                                                      | <b>Meester Show- en<br/>Theatertechniek</b><br>www.meesterlijktheater.nl<br>Grou 0566-620791 | <b>Noordmans Maaiservice</b><br>noordmansmaaiservice.nl<br>Britswert 06-23189069                           | <b>Op ‘e Skille</b><br>www.skille.nl<br>Wommels 0515-332880                                       |
| <b>Opvallend reclame en<br/>decoratie atelier</b><br>opvallend-reclame.nl<br>Wommels 0515-333260            | <b>Partycentrum It Dielshûs</b><br>www.itdielshus.nl<br>Wommels 0515-331566                                    | <b>Patrick Kramer<br/>Lightning Design</b><br>Weidum                                         | <b>Peter Zijlstra Timmerbedrijf</b><br>Easterwierrum<br>058-2501559 /06-34504259                           | <b>Poiesz Supermarkten</b><br>www.poiesz-supermarkten.nl<br>Mantgum                               |
| <b>Plattelandsvakantie op<br/>Nij Wybranda</b><br>www.nijwybranda.nl<br>Boazum 0515-521344                  | <b>Ronny Roskam onderhoud,<br/>renovatie en zinkwerk</b><br>www.ronnyroskam.nl<br>Easterlittens                | <b>Rabobank Sudwest Fryslân</b><br>Snits 0515-437000                                         | <b>Schots Machinery</b><br>www.marcelsschots.nl<br>Wommels<br>0515-333615 / 06-29026109                    | <b>Sietse Jorna VOF</b><br>www.sietsejorna.nl<br>Wurdum 06-22214562                               |
| <b>Sijperda Verhuur</b><br>www.sijperdaverhuur.nl                                                           | <b>Silobags.nl</b><br>info@silobags.nl<br>Jorwert 06-14394724                                                  | <b>Skilderwurken<br/>Ferry de Boer</b><br>ferrydeboer.nl<br>Bears 058-2519478                | <b>Smids DesignStudio</b><br>www.smidsdesignstudio.nl<br>Ljouwert 058-2136052                              | <b>Stienstra Houtimport</b><br>Boazum 0515-521264                                                 |
| <b>Slachtepop</b><br>www.slachtepop.nl                                                                      | <b>Studio Dyk</b><br>Mantgum 058-2519371                                                                       | <b>Studio Haaima</b><br>www.studiohaaima.nl<br>Bears 058-8795538                             | <b>Technisch Installatiebedrijf<br/>D.A. Reekers B.V.</b><br>www.dareekers.nl<br>Easterlittens 0517-341458 | <b>Schildersbedrijf<br/>Johannes Dijkstra</b><br>Easterwierrum 058-2501891                        |
| <b>Schoustra Dienstverlening</b><br>www.schoustradienstverlening.nl<br>Easterwierrum 06-22801299            | <b>Talsma Bouwkundig Advies-,<br/>Ontwerp- en Tekenbureau</b><br>www.albertdirktalsma.nl<br>Weidum 058-2130793 | <b>Tandartsen praktijk<br/>Mantgum</b><br>Mantgum 058-2501781                                | <b>Technisch Installatiebedrijf<br/>D.A. Reekers B.V.</b><br>www.dareekers.nl<br>Easterlittens 0517-341458 | <b>Tichelaar Startmotoren</b><br>www.startmotoren.nl<br>Winsum 0517-341065                        |
| <b>Timmer &amp; Onderhouds bedrijf<br/>Jan Pieter De Boer</b><br>Bears 06-10949013                          | <b>Timmer en Restauratiebedrijf<br/>van der Hoek</b><br>Spannum 0517-341861                                    | <b>Timmerbedrijf<br/>René Dijkstra</b><br>Mantgum 06-12051015                                | <b>Truke Zeinstra Mediaton<br/>training en coaching</b><br>www.trukezeinstra.nl<br>Bears 058-2519724       | <b>TRW Service</b><br>www.trwservice.nl<br>Wommels 06-53391085                                    |
| <b>Van der Velde<br/>Slaapcomfort, mode &amp; textiel</b><br>www.uwslaapspecialist.nl<br>Winsum 0514-341268 | <b>T.M.B. De Jong B.V.</b><br>www.tmbdejongbv.nl<br>Wommels 0515-331201                                        | <b>Tallship Company</b><br>Easterlittens 06-51601696                                         | <b>VDL Stud &amp; Sporthorses</b><br>www.vdlstud.com<br>Bears 058-2519473                                  | <b>Veenstra<br/>Constructie en Installatie</b><br>www.veenstrawelsrijp.nl<br>Wjelsryp 0517-341201 |
| <b>Woonvaria Colors@home</b><br>www.woonvaria.nl<br>Wommels 0515-332605                                     | <b>Walda Isolatie &amp; Installatie</b><br>Welsryp 06-52344044                                                 | <b>WieBe<br/>Handelsonderneming</b><br>Boazum 06-38129113                                    | <b>W. Fopma Milieu advies</b><br>Mantgum 058-2501166                                                       | <b>Wiersma Tentenverhuur</b><br>www.wiersmatenten.nl<br>Ljouwert 058-2519202                      |

Op hokker wize dan ek tige tank foar al jim stipe!



**Bisto benijd nei mear foto's en wolst op ‘e hichte bliuwe fan Spulwike 2019?**  
**Wy hawwe alle foto's online setten op ús Facebook-pagina.**  
**Like [facebook.com/spulwike.littenseradiel](https://facebook.com/spulwike.littenseradiel) en genietsje noch efkes nei!**





# De lêste en de waarmste dei yn Superwierrum.

Troch: Ytzen Pieter

De lêste dei fan de Spulwike yn Superwierrum soe wer in hiele waarme mar prachtige dei wurde. Neidat we woansdei in grutte skat foar de skurk sammele hawwe, wie it no tiid om mei de skurk te skiljen. Spitigernôch naam de skurk de telefoan net op, hjirtroch wie der efkes tiid foar in warming-up en om in frisse dûkte nimmen yn it ferkuoljende swimbad. Nei in heal oerke hawwe



prinses Poeiersûker en Sjerpman de skurk dochts oan de line krigen. Hy woe de skat net ruilje tsjin de Hulk mar we hearden dat de skurk syn beurs ferlern wie doe't er stikem de skat besjen woe. No krigen we it idee om de skurk te lokken en fêst te setten yn in finzenis sadat der net ûntsnappe koe. Sa geane wy tegearre mei de bern op paad om foksken te sykjen want elke foks hie in diel fan de finzenis. Mar foardat we in stikje derfan krigen moasten we earst in opdracht útfiere. Werom yn it doarp ha we ús wer goed fermakke op de glydsbaan en yn it swimbad. Middeis ha we lekker dwaande west mei wetterspultsjes en spultsjes yn it skaad. Sa ha wy der mei inoar foar soarge dat net ien echt lêst fan de waarmte hie. Nei de spulmidje hawwe

wy de skurk lokt mei syn beurs en ha we him yn de finzenis setten. Om dit te fieren ha wy lekker folle pankoeke iten. Se smakken wer hearlik! In grut kompliment foar de pankoekebakkers! Nei it iten mochten alle âlders, pakes, beppes, bruorkes en suskes harren sammelje rûn de tribune. Nei in hiele lûde "Holle bolle tsjing" binne we mei inoar efter it korps oan yn optocht troch it doarp rûn. De bern hawwe alle ferskes út folle boarst mei songen. It wie wer in skitterjende optocht! Nei de optocht kamen we der efter dat de Hulk opslûten siet yn it keatsshokje. De Hulk hie ek noch in grutte ferrassing foar ús want hy hie allegear moaie fotolistjes mei foto's fan de bern derop by him. Eltse lieder hat de fotolistjes útdielt en dêrnei ôfskie nommen fan de fantastyske bern. En dermei kaam der ek in ein oan in machtige Spulwike. Wy hawwe der fan genoaten en hoopje jimme oar jier wer te sjen!



## De alder, alder, alder, ja, echt alderlêste dei

Troch: Wiebe

En dêr wie de lêste dei alwer... En dizze kear ek de alderhytste dei fan de Spulwike. Mar lokkich koenen we mei de bern útsjen nei

de altyd wiete survival. Mar foar't dat los gie, begûn de dei mei de Foksejacht en ditkear waard it natuerlik in superhelden- en stripfigurenjacht! Batman, Tweety, Knabbel & Babbel, de

Smurfen en folle mear gekke figuren kamen foarby. Dêrneist wienen ek 'slechterikken' op rôverspaad, wêrûnder Mr. Joker op syn brommer... Mear wetterwille kaam fansels oan bar by de spektakulêre

koeken! Doe't de bûkjes rûn en fol wiene, draafden we it der wer ôf by it altyd machtige fervesmiten, om dêrnei allegear kleurrik de optocht yn te gean. Asterix en Obelix rûnen net mei yn de optocht, sy hienen de wei nei harren doarp wer fûn. Mar net foardat se earst fan Caesar wûn

hienen, dy't mei in bytsje help fan de bern yn it wetter belâne. Nei de optocht wie it dan tiid om ôfskied te nimmen fan de bern, mei in lêste high-five en in fotolistje as oantinken seinen de liederen in foarearst farwol tsjin de bern. Op nei oar jier! Holle bolle tsjing!



Survival! Sjeze fan 'e kabelbaan, in toubrêge, flotten bouwe, yn it wetter plonse en mei blauwe drek smite. Fan al die ynspanning gienen de bûkjes rammeln, en wie it om seis oere tiid foar hearlike pan-



## Reuzedraaikolken en bommetjes!

Troch: Pytsje

Tongersdei wie de dei dat de bern wer yn lange slingers al 'hollebolle-tsjingende' troch de doarpen fytsje koenen. Op dizze waarme dei koe it swimbad ús fer-

kuolling bringe. Elk groepke soe earst 25 minútsjes fytsje wêrnei der in lange stop wie, wêr't allegear spultsjes te dwaan wiene. Yn Britswert koenen de bern bûkglydzje, spûnse-estafette dwaan en blyn-lijnbal spylje. Yn Easterlittix

wie it tiid foar in pear oare spultsjes, mar al gau waarden dizze ynwiksele foar de grutte feart yn Easterlittix. En dus sprongen de bern al gau fan de brêge en hienen se wetterwille yn pleats fan dat der spultsjes spile waarden (wat in straf...). En as dat noch net genôch wie stie der de hiele middei it âlde fertroude Swimbad De Klomp yn Wommels op it programma. Lieders waarden troch bern yn it wetter smiten, der waard in reuzedraaikolk makke en fan de bommetjes koenen wy ek mar net genôch krije. Tips en tricks waarden útwiksele troch Sam, de Spulwike kiwi út Nij-Seelân, wêrtroch it wetterpeil op de tegels hast heger wie dan yn it swimbad sels. It wie in prachtich gesicht, 180 bern en alle liederen oan it plonsen! Sa lang as mooglik hawwe wy dizze dei yn

it Swimbad lein. Uteinlik moasten wy wer werom nei Grutte Pierdum en op 'e fyts gongen we werom mei lange pauzes, chips,

fris en net te ferjitten in soad help fan bewenners út 'Littenseradiel'. Tige tank hjirfoar! Wat in fantastyske mienskip!





# Iepenloftdisko, 'spulwikebier' en de jonges jouwe de famkes in hiele dikke tút!

Troch: Hanna

Doe't de bern in folle búk hienen fan 'e hearlike pankoeke, binne wy nei Flapper gien. We rûnen yn in optocht wêr't in soad Spulwike ferskes songen waarden, mar wêr't in grut deel fan 'e bern ek noch drok dwaande wienen mei it regeljen fan in date foar de disko. Ienkear by Flapper, mochten de bern de sliepspannen klear lizze. De bern út groep 7, dy't net earder by Flapper west binne, wienen hiel entûsjast oer de lokaasje. Al wie der al ien bern dy't eins it hotel fan Weidum fer-

wachte by de namme "Flapper". De bern keazen harren sliepplak út, leinen it spul klear en pakten fan alles lekkers derby. No wie it tiid foar it klear meitsjen foar de disko. Alle bern hawwe de kreaze klean oan dien en de famkes wienen drok dwaande mei de make-up dy't we foar se mei nommen hienen. Yn ferbân mei de waarmte ha we dit jier de disko bij Flapper holden, in echte "iepenloftdisko!". De bern ha entûsjast mei dûnse

en songen mei alle ferskes dy't ús DJ en mikrofoanman Wouter op sette. Dêrneist mocht elts groepke in 'act' útfiere op it poadium: der waard ûnder oare dûnse, songen en bobsleet. De act fan de Super Donalds waard troch de sjuery ferkeazen ta bêste act.



De Super Donalds hienen harren ekstra lieder Sam út Nij Seelân de hiele wike Nederlânske wurden leart en testten no mei in kwis hoe folle hy dêrfan ûnthâlden hat. Wurden as 'fyts', 'swimme' en 'pankoeke' kamen foarby. Nei de disko wie it tiid foar in broadsje knakwoarst. Doe't ús mikrofoanfrou omroppe dat

de bern in broadsje knak helje mochten, draafden der samar 180 bern efter elkoar oan nei de tafel mei broadsjes. De bern koenen it broadsje lekker op ite by it kampfoer en dronken noch in lekker "Spulwike bierke". Doe't alle bern de pyama oan hienen, wie it tiid foar it spannendste fan 'e tongersdei te jûn: tuten bringe! De jonges mochten as earste nei de famkes ta om se in nachttút te jaan. Dit gie mei in soad gegil

en famkes die harren ferstoppen, mar der wienen ek genôch famkes dy't al klear sieten om de tuten te ûntfangen. Dêrnei wie it de beurt oan 'e famkes om nei de jonges ta te gean. Hjir gong it der ûngefear it selde oan ta as oars om. Wat in wille! De bern ha op bêd noch eefkes mei inoar âldehoert en leinen frij gau dêrnei hielendal úttelt fan dizze machtige dei te sliepen.



## No is de Spulwike foarby..

Troch: Hanna

Fan 'e moarn waarden de bern om 7 oere al wekker makke. Guon bern wienen al earder wekker en hiene al wat grapkes út helle, sa as it filmjen fan de leiders dy't oan it snurken wiene. Al it sliepspan waard ynpakt en de bern giene wer yn 'e optocht nei it doarp. We hiene dêr, yn ferbân mei de waarmte, foar keazen om net bij de arena te sitten mar moai yn it skaad yn it fjild efter de tsjerke. Hjir stiene allegear banken en tafels mei lekkere broadsjes klear foar de bern. Dêrneist mocht elts groepke beurt foar beurt nei foarren komme om sels giele rjemme te meitsjen foar tusken de croisantsjes. Hjir mochten de bern ek noch lekkere farske ierdbeien op dwaan. De bern fûnen it hearlik! We binne dêrnei gau los gien mei it ferkoarte programma. We hiene in muzikale moarn wêrby dûnse en songen waard en wêr't de Daltons noch in moaie act sjen litte mochten, sy hiene sels in pakkende tekst skreaun op it bekende nûmer "It draakjeliet". Doe kaam de priisútrikking, in momint fan 'e Spulwike wer in soad bern it de hiele wike al oer

hawwe. Want sis no sels: wat is er no machtiger dan de Spulwike winne?! De mikrofoanman en –frou wiene krekt dwaande mei de priisútrikking, doe't ús stellen Pikachu-auto mei de Spulwike

priizen ynienen oan riden kaam. De boef, Klaas Pieter, hie him blykber betocht en fûn dat we de auto mei prizen wol werom ha mochten. We hiene echter net sjen kinnen wa Klaas Pieter

no presys wie. It mikrofoanduo gie fierder mei de priisútrikking en úteinlik mochten "The Incredibles" harren de winners fan Spulwike 2018 neame! Bliid dat de bern allegear wienen,

ha we noch even dûnse en ôfskied nommen. Troch de earehage fan lieder mochten de bern ús ymprovisearre arena op it fjild ferlitte. Wat in bjusterbaarlik machtige wike ha we hân!

